



**IK WOL GJIN OARE MEM**  
(Ik wil geen andere moeder)

**In klucht**

**fan**

**ASTRID BAIJS en JAN TOL**

**Fryske oersetting**

**Gurbe Dijkstra**

**TONEELUITGEVERIJ VINK B.V.**  
(Grimas Theatergrime verkoop)  
Tel: 072 - 5 11 24 07  
E-mail: [info@toneeluitgeverijvink.nl](mailto:info@toneeluitgeverijvink.nl)  
Website: [www.toneeluitgeverijvink.nl](http://www.toneeluitgeverijvink.nl)

## VOORWAARDEN

Alle amateurverenigingen die het stuk: **IK WOL GJIN OARE MEM (IK WIL GEEN ANDERE MOEDER)** gaan opvoeren, dienen in alle programmaboekjes, posters, advertenties en eventuele andere publicaties de volledige naam van de oorspronkelijke auteurs: **ASTRID BAIJS en JAN TOL** te vermelden.

De naam van de auteurs moet verschijnen op een aparte regel, waar geen andere naam wordt genoemd.

Direct daarop volgend de titel van het stuk.

De naam van de auteurs mag niet minder groot zijn dan 50% van de lettergrootte van de titel.

U dient tevens te vermelden dat u deze opvoering mag geven met speciale toestemming van het I.B.V.A. Holland bv te Alkmaar.

**Copyright: 2014 © Anco Entertainment bv - Toneeluitgeverij Vink bv**

**Internet: [www.toneeluitgeverijvink.nl](http://www.toneeluitgeverijvink.nl)**

**E-mail: [info@toneeluitgeverijvink.nl](mailto:info@toneeluitgeverijvink.nl)**

Niets uit deze uitgave mag verveelvoudigd en/of openbaar gemaakt worden door middel van druk, fotokopie, verfilming, video opname, internet vertoning (youtube e.d.) of op welke andere wijze dan ook, zonder voorafgaande schriftelijke toestemming van I.B.V.A. HOLLAND bv te Alkmaar, welk bureau in deze namens de Uitgever optreedt.

Het is niet toegestaan de tekst te wijzigen en/of te bewerken zonder voorafgaande schriftelijke toestemming van I.B.V.A. HOLLAND bv te Alkmaar, welk bureau in deze namens de Uitgever optreedt.

Vergunning tot opvoering van dit toneelwerk moet worden aangevraagd bij het Auteursrechtenbureau **I.B.V.A. HOLLAND bv**

Postbus 363

1800 AJ Alkmaar

Telefoon 072 - 5112135

Website: [www.ibva.nl](http://www.ibva.nl)

Email: [info@ibva.nl](mailto:info@ibva.nl)

ING bank: 81356 – IBAN: NL08INGB0000081356 BIC: INGBNL2A

**Geen enkele andere instantie dan het IBVA heeft de bevoegdheid genoemde rechten van u te claimen, of te innen.**

Auteursrechten betekenen het honorarium (loon!) voor de auteurs van wiens werk door u gebruik wordt gemaakt!

Auteursrechten moeten betaald worden voor elke voorstelling, dus ook voor try-outs, voorstellingen in/voor zorginstellingen, scholen e.d.

### **Vergunning tot opvoering:**

1. Aankoop van minimaal **9** tekstboekjes bij de uitgever.
2. U vult het aanvraagformulier in op [www.ibva.nl](http://www.ibva.nl) of u zendt de aanvraagkaart (tevens bewijs van aankoop), met uw gegevens, naar I.B.V.A. Holland. Uw aanvraag dient tenminste **drie weken voor de eerste opvoering** in bezit te zijn van I.B.V.A. Holland.
3. U krijgt daarop de nota toegestuurd. Na betaling wordt u de vereiste vergunning toegestuurd.

### **Vergunning tot HER-opvoering(en):**

1. U vult het aanvraagformulier in op [www.ibva.nl](http://www.ibva.nl) of u zendt de aanvraagkaart met uw gegevens naar I.B.V.A. Holland. Uw aanvraag dient tenminste **drie weken voor de eerste opvoering** in bezit te zijn van I.B.V.A. Holland.
2. U krijgt daarop de nota toegestuurd. Na betaling wordt u de vereiste vergunning toegestuurd.

**Opvoeringen zonder vergunning zijn niet toegestaan en strafbaar op grond van de Auteurswet 1912. Zij worden gerechtelijk vervolgd, terwijl de geldende rechten met 100% worden verhoogd. Het tarief wordt met 20% verhoogd voor opvoeringen waarvoor geen toestemming werd aangevraagd binnen drie weken voorafgaand aan de voorstelling.**

**Het is verboden gebruik te maken van gekregen, geleende, gehuurde of van anderen dan de uitgever gekochte tekstboekjes.**

**Rechten BELGIË: Toneelfonds JANSSENS, afd. Auteursrechten,  
Te Boelaerlei 107 - 2140 Bght ANTWERPEN Telefoon (03)3.66.44.00.  
Geen enkele andere instantie heeft de bevoegdheid genoemde rechten  
van u te claimen, of te innen.**

## **PERSOANEN:**

Bram de Groot

Desiree de Groot, syn dochter

Merel Bruinsma, syn sekretaresse

Christien van der Gracht, in frou

Odiel van Hagen

Lidewij van Hagen, syn frou

Ida Bruinsma, mem fan Merel

Toon Mulder, freon fan Bram

Annemieke de Jong, kollega fan Desiree.

## **DEKOR:**

It hiele stik spilet yn de wen/ytkeamer fan Bram de Groot. Oan de rjochterkant is in doar nei it kantoar fan Bram. Achter yn it midden sit in doar nei de gong en alle oare keamers. Neist dizze doar hinget in portret fan de mem fan Desiree. Links yn de wand is in kastdoar. Links yn de midden stiet in yttafel mei dêrom hinne trije of fjouwer stuollen. Rjochts in lyts bankstel mei in lytse salontafel. Fierder in dressoir mei in telefoan derop. Fierders nei winsk en smaak oanklaaie. Alles wol frij modern. Yn it tredde bedriuw is de yttafel fuort en de bank stiet dan yn de midden. De stuollen dy't by de yttafel stean kinne dan brûkt wurde om mear sitplakken te kreëarjen.

## EARSTE BEDRIUW

*(at it doek iepen giet leit Desiree, mei ferpleechstersunifoarm oan, op de bank en se lêst in boek. Op de salontafel leit in krante en der stean in pear bekers. Neist de salontafel stean har skuon en oer in ytkeamerstoel hinget har fest. De jas hat se op de tafel smiten. Nei in skoftke wurdt der op de doar fan it kantoar kloppe. Omdat Desiree net reagearet, wurdt der opnij kloppe, dan giet de doar iepen en komt Merel de keamer yn. Se bliuwt lykwols beskieden by de doar stean. Merel is in frou fan sawat fjirtich jier, se sjocht der wat skiteldeftich út, wat te sjen is oan har klean, bril en hâlding. Se hat in pear fellen papier yn de hân)*

MEREL: Dach, juffer Desiree. *(Desiree reagearet net)* Juffer Desiree! *(Desiree reagearet net. Merel rint no nei har ta en tikket har beskieden op de skouder.)* Hearre jo my net, juffer Desiree?

DESIREE: *(leit it boek op de salontafel)* Dit is wier de lêste kear, dat ik noch wat tsjin dy sis, Merel! Hoe faak ha ik no tsjin dy sein dat ik net wol datsto juffer of jo tsjin my seist?

MEREL: Ja, mar jo binne wol de dochter fan myn baas, juffer Desiree.

DESIREE: *(ûntploft hast)* Desiree en do!

MEREL: Goed, juffer. *(Desiree pakt it boek en lêst fierder)* O... eh... ja... Desiree dan. Ik woe jo... eh... dy wat freegje.

DESIREE: No, freegje op.

MEREL: Ik sykje al sûnt tsien oere fanmoarn om jo... dyn heit. Witsto wêr't er is?

DESIREE: Gjinn idee. Ik kom krekt thús fan 't wurk. Mar miskien kin ik dy ergens mei helpe?

MEREL: Nee, ik tink it net. Tanke... jim heit moat in pear brieven ûndertekenje. Ik snap der neat fan, dat ik 'm net fine kin.

DESIREE: O, miskien hat er wol in ôfspraak mei ien of oar.

MEREL: Nee, dat is jûn pas. O jee! Dat is wier ek! Frou van der Gracht komt jûn wat earder.

DESIREE: Frou van der Gracht? Wa is dat?

MEREL: Eh... dat wit ik net. Dat hear ik net te witten.

DESIREE: Wat? Wêrom net? Do bist doch heit syn sekretaresse? Dy meie alles witte. Allinne net at it privee is.

MEREL: No ja... It is ek privee. Teminsten, dat tink ik... Mar ik wit fan neat hear.

DESIREE: *(leit it boek wer del, ynienen ynteressearre)* Fertel es, Merel. Wêr witsto neat fan?

MEREL: Dat dy frou my de hiele dei bellet, om te freegjen wêr't jim heit

is. En se stjoert al dagen lang sawat alle tsien minuten in e-mail nei jim heit.

DESIREE: Hast har dan net frege wat se wol?

MEREL: Fansels wol! Ik frege har oft se soms in nije fersekering ôfslute woe en doe lake se allinne mar en sei: "Ja, in soarte fan levensfersekering mei menear de Groot". Jim heit dus.

DESIREE: In levensfersekering mei ús heit?

MEREL: Ja, en de e-mailsjes dy't se stjoert binne ek frjemd. "Ik sjoch út nei jûn, leave Bram" en "Ik kin net langer wachtsje om dy yn 't echt te sjen". (*skrikt dan*) O! Dat hie ik net sizze mochten. Fertelle jo it net fierder, juffer Desiree? (*at se sjocht dat Desiree wer lilik wurdt*) Desiree, bedoel ik.

DESIREE: Ik fertel neat fierder, mar dan moatsto my alles fertelle watsto witst.

MEREL: Nee, dat doch ik net. Ik ha al tefolle sein.

DESIREE: (*noadicht Merel út neist har op de bank te kommen*) Kom op! (*nei wat wifeljen giet Merel neist Desiree sitten*) No, fertel! Wat is ús heit allegear fan doel?

MEREL: (*nerveus*) Dat wit ik net, mar... ik tink dat ik it wol wit, allinne hear ik fansels net alles te witten, omdat in sekretaresse wol in soad witte mei, mar saneamd net alles witte mei, moat se wol witte wat se wol en net witte mei. Dus hear ik dit net te witten.

DESIREE: Nee, mar do witst it wol en ik wol datst my dat no fertelst!

MEREL: O... Ik kin it dy eins wol fertelle, do bist de dochter fan de baas en dy mei fansels mear witte as...

DESIREE: (*ûngeduldich*) Ja, toe no mar!

MEREL: Goed dan. (*sjocht earst om har hinne, dan geheimsinnich*) Jim heit stjoert ek e-mailsjes nei frou van der Gracht. Earst stie der frou van der Gracht boppe, hy neamt har no al "Leave Christien"!

DESIREE: Wat?

MEREL: Skokkend, hin? (*se giet op folle toeren fierder*) Ja, en hy set oeral "Dyn lytse leave Bram" ûnder! Net bêst wol?

DESIREE: Leave Christien en dyn lytse leave Bram? En wat stiet dêr dan tuskenyn, Merel?

MEREL: Eh... dat wit ik net mear, hear. Eh.. dat sis ik net.

DESIREE: Dat seisto wol! Kom op!

MEREL: No... eh... dat hy it wol mei har... dy Christien dus... sitten sjocht en dat hy útsjocht nei dat er har foar 't earst echt sjen mei. En dat sil jûn heve.

DESIREE: Jûn? Wêr?

MEREL: Hjr! Dêrom skriuwde se ek. Se komt in oere earder, want se kin it net langer úthâlde. Se moast him sjen. Mar hoe kin se him no

sjen at hy der net is?

DESIREE: Us heit hat in frou op 't each? Us heit is in frou oan 't fersieren? (*dan lilik*) Us heit neamt him sels lytse leave Bram en hy neamt har leave Christien?! En dêr wit ik, syn dochter, hielendal neat fan?! Bûten my om noadicht er hjir in frou út. O, dit pik ik net! Dit pik ik net!

MEREL: (*noch nerveuzer*) Oooo! Hie ik it mar noait sein! Kalm, juffer Desiree. Miskien ha ik it wol ferkeard begrepen. Sizze jo asjebleaf net tsjin jo heit dat ik it sein ha? Asjebleaf. O, ik ha de geheimhâldingsplicht fan in goede sekretaresse skeind.

DESIREE: (*wat kalmer*) Meitsje dy gjin soargen, Merel. Ik sis neat tsjin ús heit, atsto net tsjin him seist wat ik no wit.

MEREL: Fansels sis ik neat, want oars wit jim heit ommers wat ik wit, mar net witte mei, omdat...

DESIREE: Goed! Dat is dan ôfpraat. Gean do mar moai nei hûs. Ik lit ús heit dy brieven wol ûndertekenje.

MEREL: O, dat is fijn. (*sjocht op it horloazje*) Ja, it is al let. Us mem wachtet grif al op my mei de grauwe earte mei spek, augurken en sjerp.

DESIREE: Ba!

MEREL: Hâldst dêr net fan?

DESIREE: De kombinaasje allinne al, sis!

MEREL: No, ik fyn it wol lekker, hear. It ienige neidiel is dat it dy jûns wol in bytsje dwers sitte kin. Dêrom nimme we der sûkelarjefla achteroan, dat neutralisearret seit ús mem.

DESIREE: O.

MEREL: (*sjocht no ferhearlike nei it ferpleechstersunifoarm*) Dat ha ik no ek altyd wollen, hin?

DESIREE: Wat?

MEREL: Ferpleechster wurde. Mar it mocht net fan ús mem.

DESIREE: Wêrom net?

MEREL: Se wie bang dat ik op de manne-ôfdieling komme soe.

DESIREE: (*ferwûndere*) No en? Dat binne ek pasjinten.

MEREL: Jawol... mar je moatte se doch ek waskje?

DESIREE: Ja, wat tochtsto dan? Dat we de manlike pasjinten omkomme lieten yn har eigen smoargens?

MEREL: Nee, fansels net! Mar... no ja... dan sjogge je doch alles. (*gicheljend*) Liket my bêst spannend, hear!

DESIREE: Atst tsien sjoen hast is der neat spannends mear oan.

MEREL: (*noch hieltyd gicheljend*) Mar ik ha noch noait ien sjoen..! (*skrikt dan fan har wurden*) Ja... no... dan gean ik mar, hin? Oant moarn. (*fluch troch doar nei kantoar ôf*)

DESIREE: Net bepaald de tûkste. Hoe ús heit dêr oan kommen is, is my in riedsel. *(dan fel)* Mar wêr't er no mei dwaande is, fyn ik folle slimmer! *(de doar nei de gong giet iepen en Toon komt deryn)*

TOON: Wat fynsto folle slimmer?

DESIREE: Dat ús heit... O, hoi, omke Toon.

TOON: Hoi Desiree. Ik sjoch oan dyn gesicht dat der wat oan de hân is. Kin ik dy ergens mei helpe?

DESIREE: Wisten jo dat ús heit in ferhâlding hat mei in frou?

TOON: No... in ferhâlding?

DESIREE: Dus jo witte it wol! En wêrom wit ik der neat fan? Wêrom wurd ik dêr bûten holden?

TOON: Ja, dat wit ik ek net. Ik tink, dat hy dat docht, omdat hy der noch net wis fan is oft it wat wurdt mei dizze frou.

DESIREE: No, neffens Merel is hy al yn de sânde himel!

TOON: Wat wit syn sekretaresse dêr no fan?

DESIREE: Neat. Mar jo witte der wol alles fan, omke Toon?

TOON: No ja... mei je bêste freon beprate je fansels fan alles. Ek saken dy't je noch leaver net tsjin je dochter sizze. Meitsje dy no mar net drok, bern, wachtsje it mar moai ôf.

DESIREE: Moai ôfwachtsje! Aansen sit ik hjir mei in frou opskipe dêr't ik neat fan ha moat.

TOON: At it tusken dy en dy frou net klikke soe, dan sil jim heit dêr wier rekken mei hâlde. Mar, wêr is jim heit?

DESIREE: Wit ik it! At er mar wol op tiid is, want syn "leave Christientje" skynt jûn te kommen.

TOON: O, dat wist ik ek net. Dan mei ik wol opsjitte mei it dak.

DESIREE: Wat moatte jo dan?

TOON: It skynt dat der in pear stikkene pannen binne, en dêrtroch ha jim lekkaazje.. no, súkses! *(giet ôf troch de doar nei de gong)*

DESIREE: *(smeulsk)* Súkses! Ferjit it mar. Ik wurkje hjir net oan mei. *(pakt it boek, giet wer op de bank lizzen en lêst. Nei in skoftke komt Bram deryn mei in grut bosk blommen. Hy hat in kreas pak oan, sa te sjen is it net nij, hy hat noch gjin strik foar. Oer de earm hinget in tal strikken. It falt him net op dat Desiree op de bank leit. Hy giet daliks nei de kast en hellet der in grutte faas út, dêr set er de blommen yn. At er him omdraait sjocht er Desiree)*

BRAM: Hee, hoi, fanke! Wiest der al? *(Desiree sjocht net op of om. Bram set de faas mei blommen op de salontafel, hy pakt de krante fan de salontafel en leit dy yn de lektuerbak, sjocht dan wer nei Desiree)* Desiree, toe! Soest miskien sels dyn skuon en fest even opromje kinne?

DESIREE: *(sûnder te sjen)* Ja... daliks.



BRAM: Ik ha leaver datst it no dochst. (*sjocht nei har klean*) Ik mei doch oannimme datst dy daliks noch omklaaist, no Desiree?

DESIREE: Hallo, heit! Ik bin krekt thús fan 't wurk. Mei ik even bekomme asjebleaf. Ik ha in drokke dei hân. Der wiene fjouwer kollega's siik en der kamen mar twa opropkachten foar yn 't plak. Dus skoft wie der hjoed amper by. Ik sil sa ûnder de dûs en dan lûk ik hearlik de pyama en duster oan.

BRAM: Wêrom? Ik ha leaver datst jûn wat moais oanlûkst.

DESIREE: Wêrom? Ha we soms in feestje.

BRAM: (*wifeljend*) Eh... no... nee, dat net, mar we krije aansens wol besite.

DESIREE: Besite? Nee hin! Dêr ha ik wier gjin sin oan. Wa komt der dan?

TOON: Eh... in froulike klant fan my.

DESIREE: (*tinkt even nei*) ...In klant? Wat ha ik dêr mei te krijen? Dy kinst ommers gewoan op kantoar ûntfange?

BRAM: Dit is in... eh... spesjale klant. It is wat persoanliker.

DESIREE: No, dat is dyn saak. (*lit har noch mear ûnderút sakje*)

BRAM: Ynstee fan sa koppich as in puber te dwaan, kinst my better helpe om in strik út te sykjen.

DESIREE: Do wolst my doch net fertelle datst no ynienen in strik om dochst, wol! Do hast nooit in strik om, allinne by begraffenis en...

BRAM: (*ûngeduldich*) Desiree! (*hâldt in opsichtige strik foar syn oerhimd*) Wat fynst fan dizze?

DESIREE: (*leit no it boek oan kant en lûkt in fiis gesicht*) Man, dy is seker fan foar de oarloch. (*besjocht no de oare strikken*) It leafst sjoch ik datst hielendal gjin strik omdochst, mar atst it dan perfoarst wolst, dan soe ik dizze nimme. (*it is in ûneachlike, hiel opsichtige strik*)

BRAM: Tanke. (*Desiree giet wer op de bank sitten en pakt it boek wer*) Hee, toe no! Doch my de wille en klaai dy earst even om. (*Desiree suchtet, klapt it boek ticht en giet oerein*)

DESIREE: Ik gean al! Noch mear winsken?

BRAM: Nee. Ik hoopje allinne datst aansens fatsoenlik bist.

DESIREE: Foar wa moat ik aansens fatsoenlik wêze? Wat is der oan de hân mei dy "froulike klant" fan dy? Is it sa'n bysûndere frou?

BRAM: Eh... earlik sein is it wat mear as samar in klant, Desiree. It is eins mear in goekunde.

DESIREE: O ja? Kenst har al lang dan?

BRAM: No... nee... Ik bedoel, ik ken har noch hielendal net persoanlik, mar... ik ken ha fia... eh...

DESIREE: De e-mailtsjes!

BRAM: Hoe witsto dat?

DESIREE: Eh... ik ha doch in super moderne heit, dy't alle techniken fan de kompjûter behearsket. Dus gean ik der fan út dat er ek op ynternet sit en wit hoe't er kontakten leit mei oare minsken... froulju bygelyks?

BRAM: Ja. Sa is 't eins wol begongen, ja. (*wurdt no nerveus*) Ik hoopje datst dy net wer sa opstelst as de lêste kear. Doe diest wol sa ûnmooglik, dat dy frou daliks ôfheakke.

DESIREE: Hallo heit! Dat is tsien jier ferlyn ja. Ik wie fyftjin en mem wie krekt in pear jier wei. Komt der sa'n fiisnoaske yn, dy soe my daliks wol even kommandearje. Se woe daliks de rol fan mem oernimme. Hokker puber soe dêr net dwers tsjinyn gean? (*rint nei Bram en slacht him de earmen om de nekke*) Meitsje dy no mar gjin soargen, heit. Ik sil jûn myn uterste bêst foar dy dwaan. (*jout him in tût*)

BRAM: En dêr bin ik no krekt sa bang foar.

DESIREE: Hoechst net te wêzen. (*mei ekspresje*) Do silst fersteld stean fan dyn dochter! (*troch de gongsdoar ôf*)

BRAM: (*docht de strik foar dy't Desiree útsocht hat, dan giet de bel*) Leave sei! Dêr is se al! (*pakt it fest fan de stoel en de skuon en smyt se gau yn de kast, faget mei de hân oer de salontafel, leit it boek oerdreaun kreas del, skikt de blommen yn de faas. Dan giet de gongsdoar iepen en komt Toon op*)

TOON: (*mei in ferhoalen laits nei Bram*) Foar it oare alles goed mei dy, Bram?

BRAM: (*skrikt even*) O, bisto it mar?

TOON: En dat seit er tsjin syn bêste freon! No, tige tank.

BRAM: Sorry, Toon.

TOON: It is al goed. Ik begryp ek wol dat ik in tsjinfaller bin, atst in moaie frou ferwachtet. Ik hearde fan Desiree dat se jûn komt. (*at Bram fierder giet mei de stuollen rjocht te setten*) Op fan de senuwen, jonge? Fol spanning yn ôfwachting fan it froutsje?

BRAM: Wat moatsto hjir eins?

TOON: Do likest dyn dochter wol. Dy helle my der ek al sa freonlik yn. (*giet by de salontafel sitten*) Ik soe de stikkene pannen ferfange, mar ik seach datst gjin ljedder hast, dus dat doch ik dan nije wike wol. En fierder wol ik dy allinne mar súkses winskje, Bram. En miskien wolst noch wat witte, do kinst it no noch freegje.

BRAM: (*rint hinne en wer troch de keamer, is dúdlik nerveus, sjocht op it horloazje*) Ik soe net witte wat ik noch freegje moast. Yn elk gefal myn tank. (*skoddet de holle*) Ik ha wier wol faker kontakt hân mei in frou, sa wrâldfrjemd bin ik no ek wer net. Mar hjir wurd ik echt bloednerveus fan! (*de bel giet*) O got, dêr sil se echt wêze! (*rekket yn panyk*) Hoe sjoch ik derút? Kin dit?

TOON: Perfekt, Bram. Perfekt! Ik bin hielendal wei fan dyn strik. Trouwens, do hast no doch gjin tiid mear om in oaren te sykjen. *(de bel giet wer)* Ik doch wol iepen. Dan naai ik fuortendaliks út.

BRAM: *(wifeljend)* Bliuw der noch even by, Toon. At it petear net op gong komme wol, dan kinst my miskien wat helpe.

TOON: Ik sjoch wol út! Bellest my mar nei ôfrin, hoe't it gongen is. *(rint nei de gongsdoar)* En lit dy de tsiis net fan de bôle ite, hin! *(de bel giet wer, mar no oan ien tried wei)* Dy hat echt haast om dy te sjen. No gean ik wier. Súkses! *(troch de gongsdoar ôf, Bram skikt de blommen opnij. Nei even komt Christien der yn, sa te sjen is it in aardige frou, dy't goed klaaid is)*

CHRISTIEN: Hallo. Do bist Bram de Groot, nim ik oan.

BRAM: *(wat ûnwennich)* Eh... ja. En do bist Christien van der Gracht, nim ik oan. *(jout har in hân, rint gau werom nei de faas mei blommen, lûkt se der út en triuwt se ûnhandich Christien yn de hannen, de helte falt op de grûn)* O, it spyt my. *(krijt de blommen wer op, dy't der no echt net mear útsjogge, en triuwt se Christien wer yn de hannen)* As wolkom. *(Christien sjocht feralterearre nei de blommen en wit eins net wat se der mei oan moat. Bram sjocht dat en lûkt har de blommen wer út de hannen)* Ik set se wol even foar dy yn in faas. *(triuwt ûnhandich de blommen wer yn de faas, dêrtroch is der no hast neat mear fan de blommen oer)* Gean der gesellich by sitten. *(wiist op de bank)* Dan helje ik even kofje foar dy. Of hast leaver wat oars?

CHRISTIEN: *(glimket)* Bist yn kofjesetten handiger as mei blommen, Bram?

BRAM: *(laket nerveus)* Ik kaam net echt goed oer, hin? Nee, myn dochter set wol kofje. *(rint nei de gongsdoar en ropt)* Desiree! Wolsto even kofje sette? *(komt werom en giet neist Christien op de bank sitten)* Komt deroan, hear.

CHRISTIEN: *(besjocht Bram fan boppen oant ûnder)* Falt my net ôf, moat ik sizze.

BRAM: Wat falt jo net ôf, frou van der Gracht?

CHRISTIEN: Hee, gjin frou, hin? Ik bin Christien.

BRAM: *(jout har in hân)* Leuk mei dy yn de kunde te kommen, Christien. *(Christien sjocht him ferheard oan)*

CHRISTIEN: Dat hast niis al dien, Bram.

BRAM: O, ja. No... eh... Myn dochter komt sa hear. Se wie nochal let thús fan 't wurk. Se is ferpleechkundige, witste.

CHRISTIEN: O. *(der falt in stilte)* It is hiel oars, hin?

BRAM: Wat is oars?

CHRISTIEN: No, it praten oer de e-mail is folle makliker as at je elkoar sjogge. *(der falt wer in stilte)*

BRAM: (*nimt úteinlik wer it wurd*) Ja, it is doch sa maklik net as at ik tocht hie. Lit ik wat oer my sels fertelle. Ik bin no rom tsien jier widner en ik ha in dochter fan fiif en tweintich. Ik doch yn fersekeringen en ha myn kantoar oan hûs. (*wiist op de doar*) Ik ha in pear wiken ferlyn it oanbod krigen om it kantoar fan in âldere kollega oer te nimmen. Ik koe dizze minsken sels net, mar fia fia kaam ik mei harren yn kontakt. Hiel aardige minsken, nochal konservatyf. Syn klanten binne meast âldere minsken, dy't der ek nochal âlderwetske ideeën op nei hâlde. Ien fan de betingsten om syn kantoar oer te nimmen, is dan ek dat ik troud wêze moat.

CHRISTIEN: (*erchtinkend*) O, no begryp wêrom at ik hjir sa hastich komme moast..

BRAM: Nee, nee! Lit my even útprate. Fansels hat dat meispile, mar de foarnaamste reden is doch wol dat ik graach in frou om my hinne ha wol. Foar de gesellichheid, om dingen tegearre te dwaan. Myn dochter sil ek net ivich by my bliuwe en dy hat ek oare ideeën oer it leven en... ik wurd der net jonger op. Mar, ik sis it dy earlik, it hat yndie meispile yn myn beslút.

CHRISTIEN: Dat is teminsten earlik fan dy. (*even falt der in stilte*)

BRAM: Ik begryp dat ik dy der mei oerfal en ik sil ek begripe atst fan fierder yn de kunde kommen ôfsjochst.

CHRISTIEN: (*wifelt even*) It oerfalt my yndie. Mar dat wol net sizze dat ik der no fan ôfsjoch. Allinne ferûnderstel ik datst wol gau trouwe moatst om yn de beneaming te kommen foar dy oername.

BRAM: Eh... ja, eins wol.

CHRISTIEN: Hoe gau?

BRAM: ...Fjirtjin dagen... trijewike?

CHRISTIEN: Wat?! Dat kin net! Trouwens, dy tiid is foar my wol hiel koart. It spyt my, mar ik ken dy amper, Bram.

BRAM: Nee, ik begryp it. It is achterôf ek in achterlik idee fan my west. Ik sjoch der fan ôf.

CHRISTIEN: Fan my?

BRAM: Nee, fan dy oername. (*sjocht Christien oan*) Mei dy soe ik graach fierder wolle. Dan ha we gewoan de tiid om elkoar better kennen te learen en wa wit, wurdt it noch wol wat.

CHRISTIEN: (*tinkt even nei*) Omdatsto seist, datst doch mei my fierder wolst en dy saak sjitte litte, doch ik dy in foarstel.

BRAM: En dat is?

CHRISTIEN: Ik nim oan datst dy kollega dyn trouboekje net sjen hoechst te litten?

BRAM: Nee, dêr gean ik net fan út. Dat soe bespotlik wêze.

CHRISTIEN: Wat tinkst fan in skynhoulik?

BRAM: In skynhoulik?

CHRISTIEN: Ja! Do stelst my gewoan oan dy minsken foar as dyn frou. Letter sjogge we wol oft it wat wurdt, mar dan kinsto de saak oernimme.

BRAM: Ik tocht dat ik gau besluten nimme koe, mar do kinst der ek wat fan, sis! Mienst dit wier, Christien?

CHRISTIEN: Ja! No, wat fynst der fan... lytse leave Bram?

BRAM: Hin? ...Eh... o... ja... leave Christien. (*pakt har hân*) Ik stean wier mei de mûle fol tosken! (*sjocht Christien wer oan*) Ik fyn it in pracht foarstel! En ek at it neat wurdt tusken ús, beloof ik dy, datst der net minder fan wurde silst.

CHRISTIEN: Wêrom soe it tusken ús net wat wurde, myn lytse leave Bram.

BRAM: (*licht yn de war*) No ja... Nee, dat soe ik ek net witte, Christientje. (*jout har in tút op de wang*) Do bist geweldich! Ik sil even sjen wêr't de kofje bliuwt. (*op dat stuit giet de gongsdoar iepen en komt Desiree deryn, sy hat it ferpleechsterunifoarm noch oan en yn de hân hat se in pear doaskes mei medisinen*) Ha, Desiree. De kofje klear?

DESIREE: Pardon, de Groot? Dêr bin ik net foar, hin?

BRAM: Desiree, doch net sa gek. Lit my dy even foarstelle oan frou van der Gracht.

DESIREE: Och, jo ha besite? (*tsjin Christien*) Jo binne famylje fan de Groot?

CHRISTIEN: No... nee. Mar dat hoopje ik wol te wurden.

DESIREE: (*fansiden*) Dat kinst dus moai ferjitte! (*tsjin Christien*) O, wat leuk. In bin Desiree. Partikuliere ferpleechkundige van de Groot. (*tsjin Bram*) It is wer tiid foar jo pillen, de Groot.

BRAM: (*stoarret Desiree ferwûndere oan*) Wêr hasto it oer? Doch net sa idioat, Desiree. Wêrom hasto dy noch net omklaaid?

DESIREE: (*suchtet*) We begjinne doch net wer wol, de Groot? Hoe faak ha ik al net sein dat jo dêr mei ophâlde moasten?

BRAM: Desiree, wat bisto fan doel? Hâld op mei dy keunsten en klaai dy daliks om.

DESIREE: At jo sa trochgean, dan lit ik jo opnimme hear. (*lústert even*) Wat hear ik? De telefoan op jo kantoar giet oer.

BRAM: Ik hear neat.

DESIREE: Dat komt omdat jo gehoar achterút giet. Kom, ik bring jo wol even nei jo kantoar. (*pakt him stevich by de earm en triuwt him resoluút nei it kantoar*)

BRAM: Desiree! Lit my los. Dit is...

DESIREE: Ja, ik wit it. Jo tinke dat it de isolearsel is, mar it is echt jo kantoar. Jo sekretaresse komt sa by jo del om noch wat brieven

tekenje te litten. (*triuwt Bram troch de doar en docht de doar op slot mei in kaai. We hearre Bram op de doar bûnzjen en ek roppen, mar wat er seit is net te ferstean. Desiree suchtet en skoddet soarchlik mei de holle*) It wurdt mei de dei tryster.

CHRISTIEN: Kinne jo my sizze wat hjir oan de hân is?

DESIREE: Witte jo dat net?

CHRISTIEN: Nee, dit is myn earste ôfspraak mei him.

DESIREE: O jee! De safolste dy't der yntrapet!

CHRISTIEN: De safolste? Wat is hjir allegear oan de hân? En wêrom moatte jo je omklaaie?

DESIREE: Dêr ha ik it leaver net oer, frou van der Gracht. Mar it is ferskriklik. (*sjocht even nei de doar fan it kantoar*) Hy hat jo doch gjin ûnearbere foarstellen dien, hoopje ik?

CHRISTIEN: Myn god! Ik moat der net oan tinke! By jo dan wol?

DESIREE: Ik sei dat ik dêr leaver net oer prate woe, mar yn dit gefal liket it my doch better om jo te warskôgjen.

CHRISTIEN: (*in bytsje bang*) Is 't sa slim?

DESIREE: Folle slimmer! (*sjocht wer nei de doar fan it kantoar, nimt Christien dan yn fertrouwen*) Hy wol net dat ik my omklaai, mar dat ik my útklaai! En dat ik hjir neaken foar him troch de keamer dûnsje!

CHRISTIEN: Aaahh! Ferskriklik! En dochst dat ek?

DESIREE: Ja, ik bin gek! (*wer fertroulik*) It wie sa'n aardige en leave man, mar it is hurd achterút gongen. Hat er soms ek sein dat er in eigen kantoar yn fersekeringen hat?

CHRISTIEN: Ja, dat kloppet.

DESIREE: (*skoddet de holle*) Ja, hy is waanwiis! Hy wit net mear wat er docht. O, sa op it earste gesicht sjogge je der neat oan en soms giet it ek wol in skoftsje goed.

CHRISTIEN: No, ik koe der neat frjemds oan sjen, doe't ik deryn kaam. Hy wie allinne wat senuwachtich, mar dat fyn ik hiel gewoan atst mekoar foar 't earst sjochst.

DESIREE: No, sjochst no wol. Dan hat er krekt sa'n goed skoft hân. Dan begrypt er dat ik hjir bin om him te fersoargjen. Mar hiel faak tinkt er dat ik syn dochter bin. Ik skyn op har te lykjen.

CHRISTIEN: Net bêst! Wat in swier berop ha jim doch.

DESIREE: It falt soms net mei nee. Mar je kinne dizze minsken doch net yn de kjeld stean litte, frou van der Gracht?

CHRISTIEN: It soe faaks better wêze at er opnommen wurdt.

DESIREE: Dat soe ek it bêste wêze, mar... (*suchtet*) Der is nergens plak foar soksoarte fan minsken.

CHRISTIEN: Ik fyn dy in hiel dapper fanke!

DESIREE: Och, it is myn ropping.

CHRISTIEN: Dat is miskien dan wol sa, mar doch fyn ik dy geweldich.

At ik dy ergens mei helpe kin, dan seist it mar, hear.

DESIREE: Nee, tanke. Mar hy liket no aardich kalm. Ik kin him no wol even mei jo allinne litte. Mar sjoch út hear. At er de earm om jo hinne slacht of jo besiket te tútsjen, dan moatte jo my daliks roppe. Dan spuitsje ik 'm plat, oars is der gjin lân mei te besilen.

CHRISTIEN: (*dúdlík skrokken*) Ik tink dat ik daliks mar ôfset. (*giet oerein*)


DESIREE: Eh... Nee! Bliuwe jo asjebleaft noch even. Praat noch wat mei 'm. Meitsje him wol dúdlík dat it neat wurde kin tusken jim. At jo no fuortgeane, soe er yn de war reitsje. (*se giet nei de doar fan it kantoar en makket de doar wer los mei de kaai. Tsjin Bram*) At jo je wat ynbine, meie jo wer yn de keamer komme, de Groot.

CHRISTIEN: (*eangstich*) It kin doch gjin kwea wol?

Als u het hele stuk wilt lezen dan kunt u via [www.toneeluitgeverijvink.nl](http://www.toneeluitgeverijvink.nl) de tekst bestellen en toevoegen aan uw zichtzending.

Voor advies of vragen helpen wij u graag.

 [info@toneeluitgeverijvink.nl](mailto:info@toneeluitgeverijvink.nl)

 072 5112407



**“Samenspelen” is ons motto**